# Liet bij de iepening fan Tsjerkepaad 2011
# Wâldsein, De Karmel, 25 juni 2011

De freugde liedt ús nei dit hûs,
op tsjerkepaad, op wei
op in terp, yn 't doarp of yn 'e stêd
dy tsjerken binne ús nei.

Dit hûs fan hout en stien, dat lang
oerlibbe stoarm en striid,
jout wjerlûd oan gebed en sang
fan't folk út earder tiid.

In hûs wer 't sneins it Wurd noch klinkt
Gods seine oer ús komt
**ta iten** om ús wei te gean
en **sterke** yn 't libben te stean.

Dit hûs slyt lykas wy, mar wa't
hjir feilich skûlplak fûn
wurdt bliuwend op syn libbenspaad
wer moed en sterkte jûn.

De freugde liedt ús sneon oant sneon
as opgong nei de snein
God ropt syn Namme út oer ús
wy sjonge fan syn dei.

Mei freugde gean' we op tsjerkepaad
en sykje wer ús wei
op in terp, yn 't doarp of yn 'e stêd
dy tsjerken binne ús nei.

**Melodie**: Tuskentiden 1




**Tekst**: Bewurking fan oorspronkelijke tekst Sytze de Vries "De vreugde voert ons naar dit huis"

**Fryske oersetting**: Atze Bosch, bewurking foar Tsjerkepaad Ds. Renske Bosman-Romkema

**Taljochting:**

Sytze de Vries heeft prachtige liederen geschreven waaronder dit lied. Wat heel mooi tot uitdrukking komt is het gebouw van hout en steen dat vele stormen en strijd heeft overwonnen.

Er gebeurt veel tussen God en mensen en tussen mensen onderling.

Mensen zijn emotioneel betrokken bij al die prachtige kerken.

Ze vieren al eeuwen hun liturgie op waardige wijze.

Tsjerkepaad is gericht op de verpakking en als gemeenschap van Christus zijn we gericht op de inhoud. Dit lied wil de verbinding maken tussen de verpakking en de inhoud.

Ds. Renske Bosman-Romkema